

**Op de adem van een dichter**  
**Zingen en bidden in het spoor van Eppie Dam**  
in de Sint Jan  
op de vierde zondag van de Herfst  
15 oktober 2023

**Mmv.: Cantorij**  
**Voorganger: ds. Harrie Strubbe**  
**Orgel: Lucas Wiersema**  
**Lector: Durk Sybesma**

---

- Orgelspel
- Woord van welkom en mededelingen
- Op de drempel;

*Wat brocht ús nei dit hûs mei hannen boud?*

*Ha wy de klokken lieden heard  
en koene wy de bingel net bedôbje ûnder it kessen?  
Hearden wy it oargel spyljen  
en rekke yn 't foarbygean in bekende wize in snaar?*

*Lei in liet ús op 'e lippen  
mar wisten we de wurden net mear?  
Misten wy it ieuwenâlde boek  
en hiene wy 't hjir foar de lêste kear sjoen.*

*Wat is it dat ús luts nei dizze romte  
dy't ús foarâlden in skûl en taflecht wie  
en foar hiele generaasjes dêrnei in bolwurk waard  
fan dogma's en bedomptens?*

*Wat brocht ús nei dit hûs mei hannen boud?  
Hiene wy thús gjin dak boppe de holle?  
Of kamen dêr de muorren noch hurder op ús ôf?*

*Wat fine wy hjir mear, dat we hjir wêze wolle?  
Nij ljocht op it boek, yn alle toanaarden skreaun?  
Wat lûkt ús yn dat wurd mei fuotten trêde?*

-Introïtus: Psalm 139 , cantorij

Heer, diep in mij aanwezig, U kent mij door en door,  
Nooit ben ik met iets bezig of U weet al waarvoor.  
Terwijl mijn lippen wachten als ik naar woorden zoek  
leest U al mijn gedachten , ik ben een open boek.

Geen nacht houdt mij verborgen, U kijkt er dwars doorheen  
alsof een nieuwe morgen te middernacht verscheen.  
Nog voor ik werd geboren, wist U van mijn bestaan,  
bedacht al van te voren de weg die ik zou gaan.

-V. : De Heer is met jullie allen!

-Gem.: zijn vrede is met jou.

-V. : Onze hulp is in de Naam van de Eeuwige

-Gem.: Schepper van hemel en aarde.

-V. : Hear, as wy jo Namme sizze  
yn dit hûs fan stien en hout

-Gem.: sille wy oan boarnen lizze  
like wûnder as fertroud.

-V. : As wy fan jo wêzen sjonge  
dat gjin mins bedjippe kin,

-Gem.: leit it wurd ús op 'e tonge  
fan in taal yn breder sin.....

-Lied: 'Yn dit hûs mei hannen boud (staande)

Yn dit hûs mei hannen boud,  
kâlde stien dy't waarmte jout,  
falt in ljochtstriel troch de glêzen

oer de wurden dy't wy lêze.

Neffens iuwenâld gebrûk  
ha wy earen nei it boek  
dat ús iepent, net behaget  
en dêr t sprekkend ljocht yn daget.

Troch de taal yn bylden skreaun  
wurde wy ta klearhyd dreaun;  
yn it grau fan it besteande  
hâldt in oar foet ús geande.

Yn dit hûs út hertslach boud,  
weefsel dat besieling jout,  
baarnt it âlde fjoer noch hillich,  
ta in nije geast reewillich.

-inleiding: zingen en bidden in het spoor van Eppie Dam

-Gebed met Kyrie door cantorij

-Het verhaal dat gaat: Elia op de Hoareb ( uit Wurd foar wurd)  
*Maar it joech allegear neat. Kening Achabhie keningin Izébel ferteld wat er gebeurd wie. Izébel waar noch helte gemiener en wreder as se al wie. Se sei, se soe derfoar soarje dat Elia binnen in dei fermoarde wêze soe. Sadwaande moaist Elia wer flechtsje, werde woestyn yn, dêr't suver neat is om fan te libje, It wie der hytm stowerich en droech.*

*En Elia sei: "It hat allegear om 'e nocht west. It is gebeurd, Ik ha wrachtich wier myn bêst dien. Ik ha der ellinde genôch troch hân. Myn God, wêrom ha Jo my yn 'e steek litten? Ik gean noch leaver dea. Hearre Jo dat ? It kin sa wol ta!"*

*Sa rûn Elisa fierder troch de woestyn. Oant hy by de berch Hoareb kaam, de berch, dêr't , hiel lang lyn, Mozes hast God sjoen hie.*

*Elia stie dêr yn in spelonk op 'e berch Hoareb en hy wachte ôf.  
It begûn te stoarmjen. Troch de hurde razende wyn rûgelen  
hiele stikken fan 'e berch ôf. Mar it hie net mei God te meitsen.  
De ierde begûn te beven, De grûn skodde, en it lân trille. Mar it  
hie net mei God te meitsjen.*

*De lucht begûn te triljen fan hite, Strûken rekken yn 'e brân  
torch fjoer. Mar it hie net mei God te meitsjen.*

*Doe wie it stil.*

*En doe wie God dêr. In God dy't oars net mear koe as swije.  
Dat wie wat Elia hearde. Hy gong troch de knibbels en  
ferburch de holle yn 'e mantel. It wie him dúdlik: ek al is der  
mar in hantsjefol minsken oer foar God, dan is dat muoite  
wurdich. Dan giet God mei dy pear minsken fierder. En ek al  
binne der keningen dy't kweadogge, der komt in tiid dan sil  
der troch God in kening wêze, ien dy't frede bringt.*

-Lied "Net yn it razen fan 'e wyn' (cantorij 1 en 3, allen 2 en 4)

Net yn it razen fan 'e wyn  
heart in mins jo hillge stimme,  
net yn stoarmen, boas en blyn,  
sille wy jo lûd fernimme.

Net mei it skodzjen fan 'e grûn,  
komt jo almacht boppe ierde,  
net yn groeden wurd' Jo fûn,  
noch yn grêven iepenbiere.

Net yn it lôgjen fan it fjoer  
komt jo gloarje ús temjitte,  
net yn flammen gean Jo oer,  
dy't ferskroeie yn har hjitte.

Net yn barstend grut geweld,  
earder yn it sachte sigen

wurdt jo heimnis trochferteld,  
flûsterjend yn griene twigen.

-Een paar overwegingen

-Lied: 'Hûs om stil te wurden', Cant.: 1,2 en 3, allen 3 en 5

Ut strjitten baltend en balstjoerich  
ha ik in wei, in taflecht socht;  
ik fûn, it hert benaud en roerich,  
in timpel boud út ademptocht.

Ut floed fan wurden bin ik kommen,  
om tichter by de kleare wel;  
net om my del te jaan yn slomme  
mar stil te wêzen yn mysels.

Hjir is de taal net blyn fan hate  
en sjoch ik wa't ik werklik bin,  
yn stilte dy't befrijt, ûntwapent:  
in stim dy't sprekt fan djipper sin.

It feilich masker mei trochmidden,  
ik toan mysels in wier gesicht;  
wylst – iepenlizzend – hannen bidde;  
ûntfangend, warleas, flinterlicht.

Ik fiel my nybetocht, feroare,  
it yl, de siel alhiel trochblet;  
ik gean, wer mins as oait tefoaren,  
de wrâld yn mei in sjongend hert.

-We luisteren nog eens naar de tekst

*Uit straten ronkend en rumoerig,  
heb ik een weg, een plek gezocht;  
ik vond, het hart beklemd en roerig,  
een huis gebouwd op ademtucht.*

*Uit woordenvloed ben ik gekomen,  
genaderd tot de bron van rust;  
niet om zomaar weg te dromen  
maar stil te zijn naar hartenlust.*

*Hier klinkt de taal niet angstaanjagend  
en daal ik tot mijn wezen in,  
in stilte die bevrijdt, ontwapent,  
een stem die spreekt van dieper zin.*

*Het veilig masker mag doormidden,  
ik toon mijzelf een waar gezicht,  
terwijl – geopend – handen bidden:  
ontvangend, weerloos, vederlicht.*

*Ik voel me als herdacht, herboren –  
het eelt, de ziel opnieuw doorbloed,  
ik ga, weer mens als ooit tevoren,  
de wereld anders tegemoet.*

-Een denkoefening: welke zin, welke strofe raakt je,  
en waarom?

-Een verkenning

-Cantorij: "Light for our darkness" (Iona)

-Voorbeden, stil gebed,  
God fan fier en hein ús Heit ( cant.1 en 4, allen 2,3 en 5)

God fan fier en hein ús Heit,  
dat wy hilligje jo Namme,  
ûnder ús sa faak ûntwijd,  
troch jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei jo wet,  
lit jo ryk op ierde komme.  
Byn jo wil ús op it hert  
en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea,  
en ferjou wat wy misdiene,  
sa't ek wy ferjûn ha , Hear,  
al dy't skuldich foar ús stiene.

Lit oer ús gjin near nacht,  
lied ús net yn blyn begearen.  
Binne wy yn duvels macht,  
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,  
wûnder heimnis is jo Namme,  
grut yn krêft en hearlikheid,  
oant yn alle tiden. Amen

-Aandacht voor de collecte

-Slotlied: Een zwaluw maakt zomer ( cant: 1, 2 en 3, allen 4)

Noach bleef geloven toen de regenvloed  
Heel de aarde dompelde in tegenspoed.  
Omdat hij bleef geloven, kwam hij de schrik teboven

Refrein:

Eén zwaluw maakt zomer, één duif – niet gezwicht  
De droom van één dromer wekt schaduw tot licht.

Jozef bleef geloven toen het donker was,  
dat de morgenzon nog niet gezonken was.  
In duisternis gevangen, bleef bij naar licht verlangen.  
Eén zwaluw maakt zomer.....

Mozes bleef geloven in de zandwoestijn'  
dat er na de bergen nog een land moest zijn.  
Hoe uitzichtloos de jaren, hij bleef zijn droom bewaren  
Eén zwaluw maakt zomer....

Wil je wel geloven dat je dromen kan,  
dat een nieuwe wereld er nog komen kan.  
Je komt de schrik teboven wanneer je blijft geloven.  
Eén zwaluw maakt zomer.....

-Heenzending en zegen